



SNEIN-DEI BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Snein, 12 maaie 2013

Wolkom



Alderling fan tsjinst Corry Brouwer hjit ús wolkom. De draachbere mikrofoan wegert tsjinst, dêrom wurdt de

hieie tsjinst hjoed fan efter de tafel dien. It iepeningsliet is Gesang 234, ferzen 1 en 2: *"Al heeft Hij ons verlaten, Hij laat ons nooit alleen."*

Groet en bemoedigje



Nei groet en bemoedigen wurde fers 1 en 7 fan Psalm 17 songen: *"Hoor, Heer, Gij God van trouw en recht, mijn*

zaak is recht, hoor naar mijn klagen.." Hjiirnei bidde wy it gebed om de need fan de wrâld.



Bernenjonkentsjinst

De bern geane mei Tjitske nei de bernjonkentsjinst. De iene nimt it ljochtsje mei, de oar de swiere bernebibel.

Tsjinst fan de skriften

De 1e skriftlêzing komt út Jesaja 43: 1 – 5a, dêr 't boppe stiet: *"De Heare ferlost syn folk."*

De 2^e lêzing is út Johannes 14: 15-21 en Mattéus 6: 5–8.

Preek

De oertinking giet oer kontakt. Kontakt tusken minsken ûnderling soarget derfoar dat minsken ta bloei komme. Der foar elkoar wêze, de oar echt moetsje, dat jout it libben glâns en sin. Sjoch om je hinne. Der binne safolle minsken



dy't ferlet hawwe fan kontakt, dy't harren iensum en allinne fiele. Ek en soms fral, sneins. En dan is der fansels it kontakt tusken minsken en God, foar beiden ûnmisber. Soms roppe we oan God mar tinke we dat Hy ús net heart. Mar is dat ek sa? Lês de Bibel, dan sjogge we dat God ferlet hat fan de minsk. Allinne, wy wolle soms sels God wêze, alles witte, alles kinne. En giet it dan ferkeard dan earst sykje we God. Sa wie it ek yn de tiid fan Jesaja. Jesaja rôp de minsken op, goed nei God te lústerjen want dy sei ommers wat hja dwaan moasten. Mar se lústeren net. God sprek tsjin harren troch de profeet, mar se harken net. Hoe giet dat mei ús? Lústerje wy nei God? Hy wiist ús de goede wei. Sykje nei kontakt mei God en jou leafde oan de minsken. As wy prate mei God streamt Gods krêft en leafde yn ús, as deistich brea.. Amen.



Nei oargelmusyk sjonge we Gesang 480: 1,2,4 en 5: *"Gij hebt, o Vader van het leven, de aarde aan de mens gegeven, het land, de zee is zijn domein."*

Tsjinst fan it dielen



De blommen
geane as
groet fan ús
gemeente nei
Hans en
Ymkje
Bergstra oan
de Lytse
Buorren.

Krekt as

hjoed kinne nije wike noch âlde bibels yn de hal
fan tsjerke ynlevere wurde. It papier fan dizze
âlde bibels wurdt brûkt by it meitsjen fan nije
bibels.

1^e kollekte: Wezenzondag – foar eigen
gemeente;
2^e kollekte: eigen tsjerkewurk.

Gebeden

Alle gebeden komme gear yn it “*Us Heit*”, dat
mei elkoar bidden wurdt.

Slotliet en Seine

As slotliet sjonge wy Gezang 474, de ferzen 2
en 3: “*God roept, en in Hem is de kracht, die
onze zwakheid staalt.*”



Dêrnei
wurde wy
mei de
seine de
wrâld
ynstjoerd.



Meiwurkers

Foargonger :	da. Y. Slik
Oargelist:	Albert Minnema
Koster	Iepie Lindeboom
Alderlingen:	Corry Brouwer en Arie Dol
Diakens:	Tjitske Visser en Hinke Meindersma
Blommen :	Lieuwkje van Lune